



## 'Had ik geen talent of creativiteit gehad, dan was ik zwerver'

van de straat geplukt. Zij liet me alles van me af schilderen. Twee jaar lang deed ik bijna alleen dat maar. Ik was een kluzenaar, een echte kunstenaar. Ik kon al mijn gevoelens erin kwijt.'

De kunstner eksposearre foar it earst doe't er 21 wie. Hy hie safolle skildere dat er wol wat ferkeapje woe. 'Ik verkocht bijna al mijn schilderijen. Ik experimenteerde rond die tijd met vuur, spoot haarlak over het werk en stak dat in de brand. Mijn atelier werd een grote bende maar mijn schilderijen werden heel mooi. Ik probeer altijd iets gek te doen. Met inkt van een kopieerapparaat, haarlak, zand of kaarsvet. Dat inspireert me ook weer tot nieuwe ideeën.'

Nei twa jier folslein skilderjen wie it neffens Boerstra syn freondinne wer tiid om in baan te sykjen en sinten te fertsjinjen. 'Met mijn mavodiplomaatje ging ik naar het arbeidsbureau en deed een cursus lassen en de opleiding scheepsmetaalbewerking. Ik was de beste van twaalfduizend leerlingen en won twee prijzen. In tien jaar werkte ik me op van lasser tot projectleidersniveau. Niet lang daarna gingen mijn vriendin en ik uit elkaar.'

### Yn it djippe

Jeroen besleat dat it tiid wie om allinnich noch mar dingen te dwaan dy't er leuk fynt. 'Sinds 2007 volg ik consequent mijn gevoel. Ik nam ontslag zonder recht op uitkering en sprong in het diepe. Had ik

geen talent of creativiteit gehad, dan was ik nu zwerver. Ik kan er nu van leven, al komt er regelmatig een deurwaarder langs. Ik heb altijd gevoeld dat ik iets te vertellen had.'

Hy is it meast grutsk op syn skilderij 'Kracht'. Op dit abstracte doek yn swart/wyfteftige kleuren steane meardere figueren. 'De middelste ben ik. De twee mensen naast me zijn mijn vrienden en daaronder mijn toeschouwers. Mensen moeten altijd iets van me, maar ik wil ook wel eens kwetsbaar zijn. Dat kan gelukkig bij mijn moeder en bij een aantal vriendinnen.'

### Ut himsels

Boerstra beskriuwt syn eigen skilderstyl as ien mei in soad kontrast, mei ekspresje en kleurich. 'Ik schilder in lagen en begin met een ondergrond waar je later soms nog kleine stukjes van ziet. Dat schemert een beetje door en geeft een mysterieus effect. Als je naar mijn schilderijen kijkt, moet je erin weg kunnen dromen. Net alsof je in de lucht of zee kijkt en telkens nieuwe dingen ontdekt.'

# Minsken prikkelje mei libbenskeunst

Hy is wurch. Hat de ôfrûne dagen oant djip yn 'e nacht oan sit skriuwen west. Want syn boek 'Verander in jezelf! Levensweb' moat ôfmakke wurde. Jeroen Boerstra is net maklik ûnder ien neamer te fangen want hy tekenet, skriuwt, skilderet, wurket as begelieder op in soarchbuorkerij, is strijtmuzikant, spilet op bernefeestjes foar clown en jout muzykles. Sels neamt hy him dêrom in libbenskeunstner.

TEKST: INGEBORG HOOGSTEEN FOTOGRAFY: JOUWERT HONDERD

### Oeral talintsjes

Jeroen skriuwt al hast in jier oan wat neffens him in echt 'gevoelsboek' is. 'Luister naar je gevoel, dan komt het helemaal goed. Ik ben er net achter dat alle antwoorden erin liggen. Je verstand hobbelt er maar wat achteraan. Dat moet je gaan ontdekken.' Minsken prikkelje is wat de Drachtster wol. En oft dat no troch syn gedichten, skilderijen of boek is, makket him net folle út. 'Ik vind zoveel dingen mooi en heb niet altijd zin in alleen schilderen, schrijven of een blije clown spelen. Ik heb het geluk dat ik overal talentjes heb en op een bepaalde manier serieus wordt genomen.'

### Gefoelsskilder

Boerstra tekenet al fan jongs ôf oan. Dat waard ek stimulearre troch syn keunstsinnige âlden: heit is yllustrator en mem is kleankeunstner. Harren skieding joech it startsein fan syn karriêre as keunstner. 'Ik ontspoorde en werd door mijn toenmalige vriendin zo'n beetje



Hy skilderet sawol realistysk as abstrakt mar syn foarkar giet út nei it abstrakte wurk. 'Realistisch werk doe ik vooral voor het geld, want ik weet het eindresultaat al. Het lijkt op een persoon of foto, anders heb ik het niet goed gedaan. Bij abstract werk weet ik niet hoe het wordt. Ik volg mijn gevoel en ga net zolang door tot ik het mooi vind en het klopt. Abstract werkt echt van binnen naar buiten en komt uit mezelf.'

Foar mear ynformaasje:

[www.jeroenboerstra.exto.nl](http://www.jeroenboerstra.exto.nl)  
[www.jeroenboerstra.hyves.nl](http://www.jeroenboerstra.hyves.nl)  
[www.levensweb.hyves.nl](http://www.levensweb.hyves.nl)